

Ynformaasje foar nije ynwenners fan Fryslân

Fan herte wolkom yn Fryslân! De Provinsje Fryslân biedt jo as nije ynwenner fan dizze regio dêrom graach in Wolkomstpakket en neiere ynformaasje oan.

Fryslân is de ienige offisjeel meartalige provinsje yn Nederlân. Der wurdt hjir, neist de streektalen en it Nederlânsk, in soad Frysk sprutsen. It behearskjen fan mear talen is goed foar de taalbehearsking en it taalgefoel. En it makket it makliker om der in ekstra taal by te learen. Dat jildt foar folwoeksenen en wis ek foar bern.

Mei it Wolkomstpakket kinne jo hjir, as nije ynwenner, op in aardige wize mei yn kontakt komme.

Mei it Wolkomstpakket wolle wy jo optimaal ynformearje oer dy meartalige realiteit fan Fryslân, op it wurk, op skoalle, op it ynter-net en yn 'e supermerk.

Wy hoopje dat jo hjir in soad wille oan hawwe sille en dat jo wat hawwe oan de ynformaasje oer de kultuer en meartalige realiteit fan Fryslân by it wenjen yn dizze regio. De Wolkomstpakketten binne by alle gemeenten fan Fryslân (útsein de Waadeilannen) te krijen. As jo jo ynskriuwe, krije jo by de baly in Wolkomstpakket. Wy freegje jo wol om earst in koarte fragelist yn te foljen. Dêrnei krije jo it taske dan fan de gemeente-amtner.

Wolkomstpakket oanfreegje

As jo krekt yn Fryslân te wenjen kommen binne, is de kâns grut dat jo automatysk in Wolkomstpakket krije by de ynskriuwing op it gemeentehûs. Alle gemeenten op 'e fêstewâl yn Fryslân dogge nammentlik mei oan de fersprieding fan de Wolkomstpakketten. As jo lykwols gjin Wolkomstpakket mei krije en dochs graach ien hawwe wolle, freegje der dan dochs nei by jo gemeente! It is fansels mooglik dat it fergetten is, mar it kin ek sa wêze dat de oanbelangjende gemeente noch net meidocht oan it projekt. As jo der by jo gemeente op oantrune om ek mei te dwaan, docht jo gemeente yn 'e takomst miskien wol mei.

Fansels is der de mooglikheid dat jo bûten Fryslân wenje en dochs graach (eleminten fan) it Wolkomstpakket hawwe wolle. Jo wolle graach mear ynformaasje oer de foardielen fan Fryslân, syn taal en kultuer mar kinne it Wolkomstpakket net by jo gemeente krije om't jo bûten Fryslân wenje. Yn dat gefal bestiet de mooglikheid om it tsjin kostpriis streekrjocht te bestellen fia www.wolkomynfryslan.nl.

Rieplachtsje de webstek en bestel wat jo graach hawwe wolle!

Ynhâld pakket

De Provinsje Fryslân is begûn mei in standertpakket, it taske sels, it oanbiedingsbrief en fierder 6 oare 'ûnderdielen'. Yn 'e rin fan 'e tiid kin de ynhâld fan it pakket fansels oanpast en/of ferbettere wurde. Op dit stuit bestiet de ynhâld út de neikommende ûnderdielen:

1. Brosjuere (NL) oer meartaligens ('Taal van het hart')
2. Ynformaasje oer it kursusoanbod Frysk
3. EduFrysk, 2 moanne
4. DVD meartalenmeartakomst
5. Suske en Wiske en de Alvestêdestunt (collector's item)
6. koartingsbon Tryater - 1 jier

Suggestjes foar wizigings en/of ferbettering binne fan herte wolkom!

Reaksjes

As jo noch suggestjes hawwe foar it Wolkomstpakket, dan is jo reaksje wolkom fia it e-mailadres info@wolkomynfryslan.nl.